



FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 18 april 2012 byinoar west by Anna Hemstra oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Der binne in oantal saken besprutsen en de jûnen binne nochris trochnommen.

Ek de Stifting is ien fan de ferienings dy't yn it testamint fan Germ Postma opnommen is en in legaat kriget. Wy binne fansels bliid mei dit gebaar.

Fierders soene wy (noch altyd) graach de beskikking krije oer de email-adressen (foar safier fansels oanwêzich) fan de leden sadat de wurklist tenei (foar in grut part) digitaal oerstjoerd wurde kin. Dus graach in berjochtsje. It emailadres is stiftinggrou@live.nl Fansels krije de minsken dy't gjin emailadres hawwe de wurklist thús besoarge.

De gearstalling fan it bestjoer is sa: Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Bart van der Wyk ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2012 – 2013

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 8 novimber 2012:

We komme mei de trein en rinne sûntsjeswei nei it plein, **Sybre van der Vlugt** komt wer mei syn praatsjes en Bauke socht dêr wer by de moaie plaatsjes. Op't plein sjogge we om ús hinne, wêr sille we no nochris hinne rinne.

Tongersdei 13 desimber 2012:

Jûn giet it oer de seilmakkers fan Grou en yn it bysûnder oer de seilmakkerij fan P. K. Musch, letter S.U. de Vries & Zn, mar ek oer it ûntstean fan de seilmakkerij dêr't de famylje Molenaar letter eigner fan wie. By dizze seilmakkerij hearde ek in tydlang in "lynbaan". Foar it skoft toant en ferhaalt **Lieuwe Schuurmans** oer de eigners mei famylje en personiel en nei it skoft wurdt der in âlde film oer de seilmakkerij fan "S. U. de Vries & Zn" fertoand.

Tongersdei 17 jannewaris 2013:

Dizze kear fersoarget **Eddy van der Noord** in jûn dy't hielendal gean sil oer gewoane, mar ek bysûndere Grousters. Minsken dy't wy allegeare kenne en dy't delsetten wurde yn wurd en yn byld. Ferhalen dy't jo kenne, mar ek dêr't jo neat fan witte. Hokker minsken oan bar komme, we sille it sjen. Oan it bestjoer fan 'e Stifting is dúdlik makke dat sy net rêstich sliepe sille, likemin as Jan van den Bosch. Komme dus, in jûn dêr't werkenbere portretten mei in glimke te plak setten wurde.

Tongersdei 7 maart 2013:

Anneke Vollema set foar it skoft har ferhaal oer de Boonstra's troch dêr't se oare kear opholden is. Nei it skoft sil **Bauke Lageveen** in oantal films fertoane ôfkomstich fan de famylje Braam. Te sjen binne û.o. it Grouster Skûtsje, Sint Piter, de Grouster Merke, de iisbaan, belsliden ensfh.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2011 – 2012

Dit ferslach begjint mei de nammen fan stipers dy't ús yn de oanrin nei de earste stiftingsjûn ûntfallen binne: **Germ Postma** op 27 septembar yn âldens fan 72 jier, **Peet Reitsma**, krekt 85 jier op 28 oktober, **Rein Postma**, 86 jier âld op 31 oktober.

10 novimber 2011.

Boeken, blommen, swarte brant en fisk, baas Hidde, sniders, post en kapper.
Kin soks ea wol liede ta in klapper? 't Sit der yn dat it wurdt in flapper!!

Yede van der Veen iepenet de earste jûn fan it winterskoft 2011-2012. It hat gjin moaie simmer west, stipers hawwe de hjerst oerlibbe en binne der wer, sa begong Yede de jûn. Fan de ferstoarne Germ Postma hat de Stifting in legaat krigen en ús nije ponghâlder is Bart van der Wijk.

De gastsprekker is **Sybren van der Vlugt** en begjint mei de bou fan ierdbeien fan Tjitte Bleeksma op 'e Stasjonswei. Yn de tritiger en fjirtiger jierren gong er de buorren troch.

Foar de sniders wie it wurd "konfeksjepakken" de deastek. Sybren fertelt oer ferskate sniders sa as Joh. Bootsma, Beint Berkenpas, Frâns Haites, Joh. van der Schaaf en Jelke Bijlsma, alias Jelke Snider. Dizze makke in pak foar 16 gûne en kearde in pak foar 14 gûne. In broek wer yn 'e plooi strike koste 1 gûne.

Oer de fiskerij kamen Gerrit en Foppe de Haan op 't aljemint. Sy kweekten snoeken en dy gongen nei Ingelân, België en Dútslân.

Romke de Jong hie in tichtset yn de Folkertsleat. Piebe de Jong, Haije Siksma en Ulbe van Stralen wiene ek fiskers. De skriuwer fan eartiids Durk Bouma hat oer dit folk ek prachtige stikjes makke. In fiskwinkel wie fan Lieverstro.

Dan de posten. Gjalt Smit, Lútzten de Jong, Aldert Steneker en Durk van der Schaaf. Dizze lêste die de bûtenrûtes, sa as it Hôflân, Tútsebrêge, Leechlân, rûn nei De Meer, AbeHerne en waard dêrta oersetten troch Willem Adema.

Kappers wiene Hoogterp, Bos en Boerke. Skoaljonges sjippen faaks yn. Skeare koste 45 sinten en knippe ek. Bos wenne earst yn de Parkstrjitte en letter op it Plein. Ek de krisis jierren 1929-1939 waard oer ferteld.

Fierder kaam de winkel fan Piter Ratsma, Frits en Geeske Bethlehem en Douwe van der Zwaag nei foaren. Douwe út de Lytse Buorren wie "marktkoopman".

Ferhalen oer Eusi (Hellinga) en Meintsje Okkema.

Brânstof hannelers wiene der ek genôch. Andries de Leeuw, Tsjitze Duiker, Louw en Jan Atema, Piter en Pyt Sytema, Sybren van der Vlugt. Yn 1948 keapje Pyt Sytema, Atema en Van der Vlugt Andries de Leeuw út. Sy foarmje de Ver. v. Grouster Brandstofhandelaars. Doe't gasolje en gas kaam wie it oer yn 1962.

It lêste stik fan de jûn krigen we noch in filmke te sjen doe't baas Hidde 80 jier waard (yn 1968). In tige moaie jûn, in klapper, mei prachtige bylden fan Bauke Lageveen. Yede betanket de beide mannen en de stipers dogge goed mei.

Op 18 novimber ferstjert **Jan Sjoerdsma Jzn** yn âldens fan 81 jier.

15 desimber 2011.

De twadde jûn stiet yn it teken fan it ûnderwiis. Eddy van der Noord en Jan Oudeboon sille fertelle oer it boek wat yn 'e maak is oer it ûnderwiis en de skiednis yn Grou. Yede hjit elkenien wolkom en jout gau it wurd oan de beide mannen.

It begjint mei in byld fan juffer Akke by de ús allegearre bekende skou. Dizze is makke op de Hellingshaven. Yn 2008 troch Roelof Wester restaurearre. We sjogge foto's fan fuotballers, soldaat Fopma yn it leger, famylje Van der Noord en de skiednis fan it ûnderwiis op in dia.

De earste haadmaster yn Grou wie yn 1536. Yn de Ljouwerter Krante stie yn 1928 in stikje dêr't in skoalmaster frege wurdt. De earste skoalle wie yn it konsistoarje lokaal . Mei bylden derby hawwe wy de Bewaarskoalle sjoen, de grutte skoalle dy't yn 1934 har 50-jierrich bestean fierde, it mastershûs yn 1904 en Cnossen, de oprjochter fan de grifformearde skoalle. Letter kaam de kleuterskoalle. De Hjerre Gerrits van der Veen-skoalle, hurdriden fan skoalbern, de nije ULO. Master Wieling en de frou en de eksamenklasse fan de MULO út 1931. It ferhaal oer de Rozenkracht nei oanlieding fan de dames De Roos.

De Krisistiid. Dat in brief fan de skoalle nei de boargemaster gong yn 1942 om op it bonnensysteem klompen te krijen. Der waarden doe daliks 20 pear klompen besteld. By Van Stralen stie in buordsje "Voor Joden verboden". Ein 1940 is ynsteld dat elke joad him of har registrearje moast mei in "J" yn it persoansbewiis. Fierder noch anti Joadske maatregels. Ek by skoalbestjoeren. Ek Jan Plof, it Underwiiskabaret, Sint Piter Mearkes, de Muzykskoalle fan Joh. van Stralen en de earste fersierde wein yn 1950 fan it befrijingsfeest kamen yn byld. Skelnammen wiene der ek by de rûs, sa as Bakje (Wimmenhove), Pik (De Haan), Bolle (Wieling), Ajakkes (Hoitsma) ensfh. As lêste diel fan de jûn wiene der noch ynterviews mei learkrêften en learlingen mei ûnderwizers, -libben en ferstoarne- en klassefoto's. Ek wer in hiele "O-ja-jûn", want elkenien fûn wol wat fan him of har yn it ferhaal werom. De tank wie op syn plak.

Op nijjiersdei 2012 ferstjert te Snits yn âldens fan krekt 80 jier **Feikje Schuurmans-Hornstra**, frou fan stiper Otte Schuurmans.

19 jannewaris 2012.

Dizze jûn hie de Stifting de primeur fan **Anja Steegstra** har stik oer har pake Professor Bergini. Yede hie earst noch wat meidielings oangeande it ferhúzjen fan it argyf en freget man-frou krêft foar 1 febrewaris om te helpen. Fan belang is it dat wa't wat foar it argyf hat, dit nei de bestjoersleden bringt en wa't wat wit foar it nije winterskoft, berjochtsje ien fan de bestjoersleden hjiroer.

Dan kin Professor Bergini begjinne, de artystenamme fan Ybe van Zandbergen (1898-1976). Tusken 1930 en 1960 krige hy lanlike bekendheid as gûcheler. Fan syn pake Ybe de Boer learde hy de begjinsels. Syn earste foarstelling wie op 24 desimber 1924, op in jûn yn Oldenzaal. Tree faak op mei "kleinkunstenaars". Ut de jierren 50 datearret syn optreden mei de Mounties en it kabaret Gerry de Vries. Yn 1945 wie hy de oprjochter fan de "Nederlandse Bond van Goochelaars". Wie 25 jier lang 2^{de} foarsitter. Oant syn dea ta erelid fan de NBG en ek fan de Magische Unie afdeling Friesland. Yn 1938 is hy begûn mei it opskriuwen fan syn libbensferhaal. Dit album is bewarre bleaun en dat hat Anja ynspirearre ta it skriuwen fan in foarstelling oer har net sa gewoane pake. Anja spile dit treflik en wy as Grousters ûnderelkoar seagen Bergini wer efkes werom. De tredde jûn ek alwer goed slagge. Anja en har team der omhinne waarden troch de sjoggers en harkers waarm betanke.

Op 1 febrewaris is mei help fan in oantal frijwilligers (wêrfoar fanôf dit plak nochris ús hertlike tank) it argyf fan de Stifting Grou oerbocht nei it gemeentekantoar. It is dêr feilich en goed te plak, ek klymatologysk.

Te Ljouwert ûntfalt ús op 5 febrewaris **Berber Hondema-van der Meer**, frou fan stiper Sjouke Andries Hondema, krekt gjin 79 jier âld.

8 maart 2012

Dizze jûn sil gean oer de De Boer's en Boonstra's. **Anneke Vollema** hat har hjiryn ferdjippe. Mar spitich genôch komt Anneke net oan de Boonstra's ta en dat is foar allegearre in teloarstelling. Der wiene Boonstra's nei Grou kommen om wat mear hjiroer oan 'e weet te kommen. Twa hjirfan hawwe de seal ek noch traktearre op oranjekoeke.

Yn it skoft hat Anneke noch in lyts bytsje sjen en hearre litten oer it wapen fan dizze famylje út 1908 en dat se út Boarn komme. Yn Akkrum en De Knipe sitte Boonstra's bakkers.

Foarsitter Yede hat, foar't Anneke wer út ein set, noch wat meldings. Tsjitske Dijkstra is nij kas-kommisjelid mei Doekle Yntema, de muzyktinte giet troch, Anne Hemstra sit yn de kommisje. Foar takommend jier graach twa sprekkers of spreksters. It argyf is ferpleatst. In hiel geknoffel nei it nije gemeentekantoar.

Nei it skoft hat Anneke it wer oer in hiele protte "de Boeren". Foaral it ferhaal oer Fokke de Boer, dy't yn Langsweagen wenne hat, yn Grou, op Trije Hûs, Raerd, it Oerhaelspaad yn it Hof fan Brussel, Easterfjildstrjitte en de Noarderdwersstrjitte. Fan 1926 ôf molkfarder en wenne op de Wandelwei. Yn 1959 nei de Kanaalstrjitte. Ek kinne we him fan de boat de 'Rival'. It wie ien en al De Boer en in protte harkers hiene der wol oan om alles in plak te jaan. As der ek safolle binne, dan is it ek gjin wûnder.

De lêste jûn alwer. Yede betanket Anneke en winsket alle oanwêzigen in goede maitiid en simmer ta en hopet dat elkenien yn 'e hjerst wer oanwêzich wêze kin.

En as dan sa'n winterskoft wer op syn ein is en wy wurkje oan de nije wurklist, is it leste nijs meast net it moaiste. Sa ek de lêste berjochten: Wy moasten ôfskie nimme fan: **Neeltsje van der Mei-van der Schaaf**, op 4 april 95 jier âld, **Antje Brolsma-Slot** op 16 april, krekt gjin 99 jier, op 15 july, noch mar 67 jier âld, **Wietske van der Bijl-van der Pal**, en op 31 july is ferstoarn, yn âldens fan 91 jier, **Johannes de Grouw**.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's , aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoar yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
